



Symposium 26 maaie 2018

1818 - 2018: 200 jier seefeartûnderwiis yn Nederlân en Harns

Nei de fal fan Napooleon klattere de Nederlânske ekonomy stadichoan omheech út in djip gat. Yn Harns waard yn 1818 troch de Maatskippij ta Nut fan it Algemien de foarstap nommen ta it oprjochtsjen fan in seefeartskoalle dy't stjoerlju opliede moast. Fan dy oplieding moat men jin oars noch gjin al te grutte foarstelling meitsje. It ûnderwiis waard yn 'e wintermoannen by de direkteur oan hûs jûn. It oanbegjin fan 'e skoalle wie dus lyts, mar it wie dochs it begjin fan in tiidrek fan twa iuwen seefeartûnderwiis yn Harns.

Yn dy twa iuwen hat de oplieding hichtepunten en djiptepunten hân en der bytiden hiel oars útsjoen. Guontiden wie it tal learlingen gefaarlik leech en like de ein fan 'e skoalle tichteby, mar it seefeartûnderwiis yn Harns bleau bestean. Sûnt in pear desennia hat de oplieding de namme Maritieme Academie Harlingen. Dy Academie stiet yn 2018 wiidweidich stil by syn jubileum. Foar de histoaryske komponint is oparbeidzjen socht mei de Wurkgroep Maritime Skiednis fan 'e Fryske Akademy. Op it symposium '1818-2018: 200 jier seefeartûnderwiis yn Nederlân en Harns' litte ûnderskate sprekkers harren ljocht skine oer de ûntjouwings op it mêd fan it seefeartûnderwiis yn Nederlân.

Programma:

- 12.30 Untfangst fan 'e symposiumbesikers mei kofje en tee
- 13.00 Wolkomstwurld troch **Rob Leemans**, foarsitter Wurkgroep Maritime Skiednis Fryske Akademy
lepenjen troch **Peter Tolsma**, deifoarsitter
- 13.10 *De Maritieme Academie*, presintaasje troch **Arjen Mintjes**, direkteur
- 13.15 *De ontwikkeling van het zeevaartonderwijs in Nederland – Karel Davids*, heechlearaar Ekonomyske en Sosjale Skiednis oan 'e Vrije Universiteit fan Amsterdam
- 13.45 *Schatkamer der stuurlieden, een basis voor de kennis van de navigatie – Diederick Wildeman*, konservator seefeartkunde en bibleteekkolleksjes Skipfeartmuseum, Amsterdam
- 14.15 *De invloed van navigatie-instrumenten op ontwikkeling van het zeevaartonderwijs – Nicolàs de Hilster*, ûndersiker fan navigaasje-ynstruminten út 'e 17de en 18de iuw
- 14.45 Skoft mei tee en kofje
- 15.15 *De relatie tussen wiskunde en zeevaartonderwijs – Arjen Dijkstra*, koördinator skoalbern-akademy Rijksuniversiteit Groningen
- 15.45 *Seefeartûnderwiis no en yn 'e takomst – Henny Krul*, opliedingsmanager oplieding Maritiem Officier Hogeschool van Amsterdam/direkteur Maritieme Academie Holland
- 16.15 *Tweehonderd jaar maritiem onderwijs in Harlingen, er is een hoop veranderd! – Jur Leinenga*, maritym histoarikus en auteur fan it tinkboek oer 200 jier seefeartûnderwiis yn Harns
- 16.45 Ofsluten troch **Rob Leemans**

Nei ôfrin is der gelegenheid foar moeting en petear ûnder in buorrel mei oanslutend in buffet.

It symposium makket diel út fan it programma fan 'e reuny fan 'e Maritieme Academie. Under de buorrel en it buffet komme de meidoggers oan beide aktiviteiten byinoar.

Utnûging

Sneon 26 maaie 2018 - 13.00-18.00 oere
Maritieme Academie Harlingen, Almenumerwei 1,
8861 KM Harns (foar it treinstasjon oer).

Toegang en opgave

Het symposium is voor iedereen toegankelijk. Opgave en betaling via internet heeft onze voorkeur: www.fryske-akademy.nl/zeevaartonderwijs
Meedoen aan het symposium kost € 10,00. Neemt u ook deel aan het buffet, dan betaalt u € 30,00. Mocht u niet beschikken over internet, dan kunt u zich telefonisch opgeven bij het secretariaat van de Fryske Akademy, tel. (058) 213 14 14.



Symposium 26 mei 2018

1818 - 2018: 200 jaar zeevaartonderwijs in Nederland en Harlingen

Na de val van Napoleon krabbelde de Nederlandse economie langzaam op uit een diep dal. In Harlingen werd in 1818 door de Maatschappij tot Nut van het Algemeen het initiatief genomen tot de oprichting van een zeevaartschool die stuurlieden moest opleiden. Van deze opleiding moet men zich nog geen al te grote voorstelling maken. Het onderwijs werd in de wintermaanden bij de directeur aan huis gegeven. Het begin van deze school was dus klein, maar het was toch het begin van een periode van twee eeuwen zeevaartonderwijs in Harlingen.

In die twee eeuwen heeft de opleiding pieken en dalen gekend en zeer verschillende gedaantes gekend. Soms was het aantal leerlingen gevaarlijk laag en soms leek de opheffing nabij, maar steeds is zeevaartonderwijs in Harlingen gebleven. Sinds enige decennia kennen we de opleiding als de Maritieme Academie Harlingen. Die staat in 2018 uitvoerig stil bij haar jubileum. Voor de historische component is er samenwerking met de Werkgroep Maritieme Geschiedenis van de Fryske Akademy. Op dit symposium belichten verschillende sprekers de ontwikkelingen in het zeevaartonderwijs in Nederland.

Programma:

- 12.30 Ontvangst van de deelnemers met koffie en thee
- 13.00 Welkomstwoord door **Rob Leemans**, voorzitter Werkgroep Maritieme Geschiedenis Fryske Akademy
Opening door **Peter Tolsma**, dagvoorzitter
- 13.10 *De Maritieme Academie*, presentatie door **Arjen Mintjes**, directeur
- 13.15 *De ontwikkeling van het zeevaartonderwijs in Nederland - Karel Davids*, hoogleraar Economische en Sociale Geschiedenis aan de Vrije Universiteit van Amsterdam
- 13.45 *Schatkamer der stuurlieden, een basis voor de kennis van de navigatie - Diederick Wildeman*, conservator zeevaartkunde en bibliotheekcollecties Scheepvaartmuseum, Amsterdam
- 14.15 *De invloed van navigatie-instrumenten op ontwikkeling van het zeevaartonderwijs - Nicolàs de Hilster*, onderzoeker navigatie-instrumenten uit de 17de en 18de eeuw
- 14.45 Pauze met thee en koffie
- 15.15 *De relatie tussen wiskunde en zeevaartonderwijs - Arjen Dijkstra*, coördinator scholierenacademie Rijksuniversiteit Groningen
- 15.45 *Zeevaartonderwijs nu en in de toekomst - Henny Krul*, opleidingsmanager opleiding Maritiem Officier Hogeschool van Amsterdam/directeur Maritieme Academie Holland
- 16.15 *Tweehonderd jaar maritiem onderwijs in Harlingen, er is een hoop veranderd! - Jur Leinenga*, maritiem historicus en auteur van het gedenkboek over 200 jaar zeevaartonderwijs in Harlingen.
- 16.45 Afsluiting door **Rob Leemans**

Na afloop is er gelegenheid voor ontmoeting en gesprek tijdens een borrel met aansluitend een buffet.

Het programma van het symposium is ingelijst in het programma van de reünie van de Maritieme Academie. Bij de borrel en het buffet komen de deelnemers aan beide activiteiten bijeen.

Uitnodiging

Zaterdag 26 mei 2018 - 13.00-18.00 uur
Maritieme Academie Harlingen, Almenumerweg 1,
8861 KM Harlingen (tegenover het station).

Toegang en opgave

Het symposium is voor iedereen toegankelijk. Opgave en betaling via internet heeft onze voorkeur: www.fryske-akademy.nl/zeevaartonderwijs
Meedoen aan het symposium kost € 10,00. Neemt u ook deel aan het buffet, dan betaalt u € 30,00. Mocht u niet beschikken over internet, dan kunt u zich telefonisch opgeven bij het secretariaat van de Fryske Akademy, tel. (058) 213 14 14.